

GKb 33

Jona hat God wis wol heard,
mar om sizzen jout er net.

Jona docht syn eigen sin
en fart fuort, safier't er kin.

Refrein

Mar de Hear seit: nee, nee, nee, } 2x
Jona moat nei Ninevé.

Midden op de oseaan,
komt syn skip yn in orkaan.

Jona moat oerboard en sinkt,
oant in fisk him rêding bringt.

Want de Hear seit: nee, nee, nee, } 2x
Jona moat nei Ninevé.

Trije dagen tsjusternis
yn 'e mage fan 'e fisk,
bringe Jona foar't ferstân:
ik moat nei dat fiere lân.

Want de Hear seit: nee, nee, nee, } 2x
Jona moat nei Ninevé.

Ninevé heart Jona's preek
en de minsken sjogge bleek,
nimmen dy't noch yt of drinkt:
faaks dat God him noch betinkt.

En de Hear seit: nee, nee, nee, } 2x
sparje sil ik Ninevé.

Jona sjocht fan fierrens oan
dat de Hear syn leafde toant.

O wat is dy Jona poer,
want no giet it oardiel oer.

Mar de Hear seit: nee, nee, nee, } 2x
wês dochs bliid om Ninevé.

tekst Hanna Lam, by Jona 1-4 – 'Jona heeft God wel verstaan'
oersetting David de Jong
meldij Wim ter Burg